Wachtsje op earste goede tv-keatsreportaazje

It is in myte, dy't net út te roeien is: keatsen soe hast net yn byld te bringen wêze, om't it baltsje dat rûnom hinne fljocht, amper te folgjen is. Spitigernôch wurdt de myte befêstige troch de Fryske televyzje, dy't de keatswedstriden meast mar út ien kamerastânpunt yn byld bringt. Jo sjogge de opslagger opslaan, jo sjogge as jo gelok ha, it baltsje, en jo sjogge de útslagger útslaan. As er in keats delleit, ha jo kâns dat jo it retoernearjen fan de bal noch folgje kinne, by in boppeslach 'oer alles hinne' wurdt it al lestiger en mei in kweaslach moatte jo mar fertrouwe op it kommentaar fan de ferslachjouwer. En dan haw ik it noch mar net oer it tuskenspul dat by it publyk op de banken foar de spanning soarget, mar dêr't it publyk foar de buis suver neat fan meikrijt. Op grûn fan dizze iensidige waarnimming leit de konklúzje foar de hân: keatsen lient him net foar televyzje. Dat is te maklik. Utlânske foarbylden yn ûnder oaren Frankryk, Spanje en Italië bewize oars. Dêr wurdt lykwols ál mear by opset: mear man/froukrêft en mear jild.

PC 2002. *(Foto: LC/Wietze Landman)*

Dan docht bliken dat it mei mear kamera-opstellingen wis al mooglik is it spul fan de earste oant en mei de lêste slach op 'e foet te folgjen. Wêrom bart it te uzes dan net?

Dat is in kwestje fan ynvestearring en fan lef. Fan de direksje fan Omrop Fryslân yn it foarste plak. Mar de leafde kin fansels net fan ien kant komme, lit stean it jild. Der wurdt ek in grutte ynspanning frege fan it keatsbûn, dat sponsors foar dizze foarm fan tv-reklame ynteressearje moatte soe. By it fuotbal, it tennis en it reedriden is dat al jierren wizânsje. Faaks kin der in 'deal' sletten wurde mei Studio Sport, dat, no't de fuotbalwedstriden fan de earedivyzje nei Talpa gien binne, de oandacht ferlein hat nei oare sporten. Simmers kin it keatsen der skoan by, en dan bedoel ik net ien kear in ympresje fan in partij jaan - lykas wenst by de PC -, mar alle wiken. Komt it derfan? Ik doar wedzje, it idee hie allang útfierd west as it keatsen oan it betingst foldien hie dat foar alle sporten jildt, wolle se rom omtinken op 'e televyzje krije. It moat op foarhân safolle sjoggers lûke dat der fan in beskate folkssport praat wurde kin. Dan steane de sponsors yn 'e rige om in tv-sjenyk plakje te bemachtigjen.

In moai foarbyld is it reedriden. Yn in griis swart-wyt ferline krigen jo inkeld mar de earste en lêste hûndert meters yn byld, no wurde de ritten yntegraal folge, mei help fan sels-meiridende kamera's. Wat mear rûntsjes riden wurde, wat mear profyt de sponsor hat fan syn reklame.

En wat mear jild dat sponsors der foar oer hawwe, wat mear útstjoeringen. Rekkene nei it tal oeren stjoertiid op televyzje, kinne fuotbal, reedriden en tennis op 't heden as de folkssporten by útstek beskôge wurde.

Sa'n status is foar ús keatsen net weilein. Troch de ieuwen hinne hat it keatsen him stadichoan ûntjûn fan in ferdivedearjend 'folksfermaak' op merken, organisearre troch kastleins, ta in serieuze sport, dy't no troch jonges en famkes, manlju en froulju op alle nivo's beoefene wurdt. Mar dat hat mar kwalik bydroegen oan de populariteit. It keatsen hat him ommers net oer de provinsje ferspraat, lit stean fierder oer it lân, mar is noch altyd ta in yn ferhâlding tin befolke part fan Fryslân beheind bleaun. Bûten de bou- en greidhoeke is it keatsen grosso modo net kommen.

De flagge fan de Koninklijke Nederlandse Kaats Bond dekt de lading net: ferienings dy't bûten de keatsregio besteane, binne der kommen op inisjatyf fan 'keats-emigranten' en wurde troch har neiteam yn stân hâlden. Fan in 'olievlekwerking' lykas by tennis is gjin sprake. It feit dat it keatsen yn it easten en suden fan Fryslân net woartele is, makket dat de sport sels foar in hiel soad Friezen noch altyd ûnbekend is. Sa hâldt it keatsen it imago fan in folkloristysk fermeits, tsjin wil en tank. De media hawwe dat byld mar foar in part bystelle kinnen.

Earst yn de jierren fyftich fan de foarige ieu, doe't hjir alderhanne kranten nei de geunst fan de lêzer tingen - neist de Ljouwerter, it *Friesch Dagblad*, *Het Vrije Volk* en *Ons Noorden* (de *Friese Koerier* ferskynde yn de keatsleaze súdeasthoeke)-



PC 2003: Parse, mei Frits Barend foaroan, tredde fan links. *(Foto: LC/Niels Westra)*

waard der troch de regionale parse wat langer wat serieuzer wurk makke fan de keatsferslaggen. Earst wurken kranten noch mei all-round ferslachjouwers dy't én de gemeenteried én it toaniel én de sport ferslaan moasten, stadichoan kamen der aparte sportredaksjes mei spesjalisearre ferslachjouwers.

By de Ljouwerter hat âld-Hallumer Germ Beintema dêr de basis foar lein. Yn de begjinjierren doe't de krante noch gjin konkurrinsje hie fan radio en tv, wiene wiidweidige ferslaggen de regel. Fan de earste omloop oant en mei de finale om priis en preemje waard it ferrin fan de partijen sa sekuer mooglik beskreaun. Beintema-en-dy stelden der in eare yn om bygelyks op de dei fan de PC de partijen fan de earste en sa mooglik twadde omloop noch yn de middeisedysje mei te nimmen. Se bellen de ferslaggen troch nei de redaksje yn Ljouwert, dy't se printree makke. Sa koene de kranten deselde middeis op it Sjûkelân útdield wurde.

Dy ferslaggen pretindearren de grutst mooglike objektiviteit, yn oerienstimming mei it âlde sjoernalistike adagium dat jo feiten en mieningen strikt skiede moatte. De ferslachjouwer sette syn namme der dan ek net by, dat wie doe inkeld it privileezje fan keunstresinsinten. Dat woe lykwols net sizze dat Beintema gjin eigen

miening hie. As er it nedich fûn, bewarre hy dy foar de oare deis en skreau er ûnder namme in kommentaarke.

Dy tradisjonele foarm fan sjoernalistyk is, meidat der op radio en tv hieltyd mear omtinken foar sport kaam, yn it neigean rekke en lang om let ferfongen troch in analysearjende ferslachjouwing. It sei himsels dat doe de namme fan de auteur derby moast. Lykas oeral barde dat it earst mei it fuotbal. Om't de minsken it ferrin en de útslach fan de wedstriden al yn Sport In Beeld sjoen hiene, hoegden kranteferslachjouwers de wedstriid net mear fan a oant z te beskriuwen en joegen se har eigen ympresjes. By de Ljouwerter Krante is de omkear yn de rin fan jierren santich fan de foarige ieu kommen.

Dy feroaring brocht ek noch wat oars mei: de klaaikeamersjoernalistyk. Yn de begjintiid fan Beintema c.s. wie it ûnbesteanber dat in ferslachjouwer nei de wedstriid de spilers of de coach om kommentaar frege. Dat soe him by it skriuwen fan it ferslach mar beynfloedzje kinne, boppedat, sa wie it sizzen, 'dy jonge jonges ha dochs net folle te melden'.

Yn de praktyk is dat lêste noch hieltyd wier, de media (radio, televyzje en kranten) grossierje omraak yn ûnbenullige 'quotes', optekene út de mûle fan de sporters. Mar it is net foar te kommen, yn de jacht op sportnijtsjes en skandaaltsjes. De iene wol foar de oare net ûnderdwaan en foaral net efterbliuwe, foar't jo it witte, liedt in spontane opmerking yn de klaaikeamer ta iepening fan it sportkatern en is de reboelje berne.

It gefolch fan dizze wurkwize hat west dat de sport 'ûntmytologisearre' is. Hotze Schuil hat de lêste ikoan fan de keatssport west, om't er grut wurden is yn dy âlde tradysje fan Beintema-en-dy: hja lieten in sporter yn syn wearde en dus grutheid. De generaasje nei him, mei toppers as de Van Wierens, Sake Saakstra, Johannes Brandsma en Piet Jetze Faber, waard dat fuotstik net mear gund. Sy moasten 'neaken en bleat' foar de dokter-ferslachjouwers en har prestaasjes en foarm omstannich ferklearje.

Sa kriget de lêzer no salang't it keatsseizoen duorret, alle moandeis njonken de analyzes en persoanlike kleuring fan de ferslachjouwer-spesjalisten ek de reaksjes fan de keatsers derby. De radio docht yn live-reportaazjes ferslach, en de tv komt de jûns mei in koarte gearfetting, en as it om de stjoertiid lije kin, ek petearkes mei de winners en ferliezers. Wat in lúkse!

Dêrmei is lykwols net de fraach beändere oft dy royale media-oandacht de sport ek tichterby de minsken brocht hat. Wol tichter by de keatsleafhawwers faaks, al sille se gauris mei de sportferslachjouwer fan miening ferskille oer syn analyzes. Mar berikke se ek de grutte massa, dy´t nedich is om de televyzje ta mear omtinken te bewegen? Ik haw soarch fan net. It keatsen hat foar net-ynwijden safolle geheimen yn, dat de ferhalen foar har abakadabra bliuwe. Se roppe net minder fragen op as dy minútmannich televyzje út dat iene kamerastânpunt efter it perk wei. Oer it popularisearjen fan de keatssport fia it medium televyzje, sa't it by it besibbe tennis bart, haw ik alsa ynearsten myn twivels. Dat wol net sizze dat it net besocht wurde moat. Wat der yn it foarste plak komme moat, is in goede film, om my foar de skoalletelevyzje, dy't tagonklik is foar in breed publyk en de jeugd it idee jout dat it keatsen net in spultsje is foar lytse doarpen, mar in echte sport is, dêr't se har ek yn de stêd net foar skamje hoege.

Om alle dokumintêres en reportaazjes dy't ik sjoen ha, hinget in mysterieus waas. Se hâlde har mear dwaande hâlde mei de omballingen en de sfear. De reden lit him riede: it spul sels freget te folle útlis by de bylden. Fergelykje dat mei de minsken om jo hinne op 'e PC, dy't har bêst dogge om de spulregels út te lizzen oan har besite dy't ien kear dy iene Dei yn 't jier dêr't sa'n rop fan giet, meimeitsje wol. Der is gjin begjinnensein oan. Lit it bûn dus net langer skytskoarje en de wizigingen dy't it spul libbener en foar in grutter publyk begrypliker meitsje kinne, sa gau mooglik trochfiere.

Pieter de Groot